


„Fjildrop“

Maaitiid 2018
Nûmer 84







Fjildrop




Van de redactie
Corrie Brandsma

Foar jo leit de foarjiers edysje fan de Fjildrop.

Nei in pear donkere moannen is it hjoed (6 febrewaris) prachtich, sinnich winterwaar.

Yn 'e greide efter myn hûs binne de folgjende fûgels te sjen:

Wylde eienen, smjuntten, in swannepear, blêsguozzen, nijlguozzen, markels, ielguozzen, reidhintsjes en in grutte wite reager.



Om it hûs hinne binne de túnfûgels al wer drok:

Klysters, in readboarstke, blau-en blokmiezen, finken, mosken, houtdowen, toarteldowen, in tomke en de protter binne gewoane gasten. Somtiden komt er in spjocht efkes ieten

De fûgelhuzen binne wer skjin en der kin mar wer nestele wurde. Mar tink om 'e kat.

Dizze foto fûn ik, doch de katten svp in beltsje om, sadat de jonge fûgels rêstich útfleane kinne.

Sa as al neamd wurde, sille der yn de Fjildrop gjin bysûndere meldingen mear fan 'e Reade Hoas pleatst wurde. Wy binne tige lokkich mei elke gearwurking. As jo wat spesjaals sjogge, wolle jo it dan oan de redaksje trochjaan?.

Puzelers wurde útnoege om in puzel te meitsjen foar de Fjildrop. Dizze sil dan yn 'e hjerst edysje pleatst wurde.

De lêste puzel fan Gerben Sjollema is troch 3 persoanen goed oplost. Wy hawwe lotte en Susan Topma wûn de priis. De priis is al tastjoerd.

De kopij foar de folgjende Fjildrop moat foar 1 oktober 2018 oanlevere wêze by de redaksje: Piet de Vries of Corrie Brandsma

Inhoudsopgave Fjildrop Maaitiid 2018

Noeging maaitiidsledengearkomste	4	Briedsoarch swellen	13
Ferslach hjerstledengearkomste	5	Ringresultaten	15
Bestjoersmeidielingen	7	Ulen en rôffûgels nijs	17
Financieel overzicht 2017/2018	8	Ryptsjerkster polder	21
Van de excursiecommissie	10	Resultaten skriezekrite It Reidfjild 2017	22
Jan en Klaasje 70 jier troud	11	Bijzondere waarnemingen	26
Jeugd/Edukaasje	11	CES – Project 2017	28

Contributie			Banknummers:	
Volwassen leden	minimaal € 7,50	echtparen € 7,50	Rabobank	NL45RABO0362720657
Jeugdleden	minimaal € 4,00			
Leden buiten Trynwâlden	minimaal € 11,00	echtparen € 11,-		

Tekening omslag: K.J. Visser

Vogelopvangcentrum:
Fûgelhelling Ureterp 0512-514328



Fjildrop



Maaitiidsledengearkomste Fûgelwacht Trynwâlden

Tongersdei 29 maart 2018 om 20.00 oere yn
"It Wapen Fan Fryslân", Rengersweg 51, 9062 EC Oentsjerk

Aginda:

- 1 Iepening
- 2 Meidielingen en ynkommen stikken
- 3 Ferslach ledengearkomste 16 novimber 2017 yn
De Trochreed yn Readtsjerk (sjoch yn dizze Fjildrop op side 5)
- 4 Finansjeel jierferslach 2017 (sjoch ek yn dizze Fjildrop op side 8)
- 5 Ferslach kaskommisje 2017
- 6 Bestjoersferkiezing
De bestjoersperioade fan Pyt van der Polder en Henk Minkes rint ôf. Beide wolle noch fierder yn it bestjoer fan de wacht. Op grûn fan artikel 1 b fan it reglemint is it jimme mooglik om (tsjin-) kandidaten oan te bringen bij de foarsitter. Dit kin foar beide posysjes.
- 7 Bestjoersmeidielingen (sjoch ek yn dizze Fjildrop op side 7)
- 8 Neisoarch
- 9 Jeugdfûgelwacht (sjoch ek yn dizze Fjildrop op side 11)
- 10 Ekskurzjes (sjoch ek yn dizze Fjildrop op side 10)
- 11 Omfreegjen
- 12 Presintaasje Presentaasje oer de fûgel fan it jier 2018, de Wytgatswel (huiszwaluw) troch Henk/Pyt
- 13 Skoft mei ferlotting
Foto's fan fûgels en út de natuer yn ús omjouwing, makke troch natuerfotografe Betty Kooistra.
Betty is lid fan de wacht, hja giet meastal ek mei ús ekskurzjes mei.
- 14 Sluting.



SOLDAAT

AUTOSCHADESPECIALIST

NIEUWESTRAATWEG 67 - 69
9061 CM GYTSJERK
TEL.: 058 256 12 45
FAX.: 058 256 19 99





Ferslach hjerstledengearkomste

Ferslach fan de hjerstledengearkomste Fûgelwacht Trynwâlden, tongersdei 16 novimber 2017 yn de Canterlanden, Gytsjerk.

Iepening

Om 20.00 oere iepent de foarsitter de gearkomste en hjit elkenien wolkom.
Der binne 34 leden.

(Bestjoers-) meidielingen en ynkommen stikken

Op 15 desimber 2017 nimt de BFVW offisjeel ôfskied fan Marco Hoekstra as bondsmeiwurker. Mei yngong fan 1 jannewaris giet Marco syn karriêre fierder by de Keninklike Nederlânske Keatsbond as algemien direkteur. Marco wurdt opfolge troch Henk de Jong en de ús bekinde Inge van der Zee.

Staatsbosbeheer giet har gebieden iepener meitsjen, dus kappen en snoeien. Dat is net yn it neidiel foar ús greide fûgels.

Ferslach maaitiidsledengearkomste.

Om't der gjin bemerkingsen en oanfollingsen binne wurdt it ferslach fêststeld sa't it is.

Neisoarch

Jappie lit de resultaten fan de ôfrûne neisoarch sjen oan de hân fan grafiken en moaie foto's. Ek krije wy ynsjoch by oare wachtgebieten, der binne opmerklike ferskowingen yn de oantallen.

Jeugd en edukaasje

De animo fan de skoallen foar projekten is leech, dochts wolle wy besykje nêstkastkes te timmerjen op skoallen, mooglik dat der in kamera yn kin sadat de bern mei sjen kinne mei wat der yn de kast bard fia it digiboard. Foar it klearmeitsjen fan foarzaagde nêstkastpakketten sykje wy noch frijwilliger(s).

Projekt readsturtsje (gekraagde roodstaart) kriget in ferfolch, it oantal nêstkastkes sil útwreide wurde.

Ekскурzjes

De neijers ekskurzje 2018 is fan tiisdei 2 oktober oant en mei snein 7 oktober 2018. It reisdoel dizze kear is West-Havelland. In moai gebiet ta westen fan Berlijn. Bysûnder yn dit gebiet is de grote trap (otis tarda).

Omfreegjen

Gjin omfreegjen mear.

Gastsprekker

Max Slingerland lit ús wat sjen oer syn reis nei Kenia, mei moaie foto's fan bisten en de kultuer dêr.

Dêrnei folget in Kenniswurkshop troch Pyt van de Polder en Jappie Seinstra.

Healwei de presintaasjes is der efkes skoft. Yn dat skoft wurdt de ferlotting (netto opbringst € 104) hâlden.

Sluting

De foarsitter slút de gearkomste om 22.35 oere en winsket elkenien wol thús.



Fjildrop



Bestjoersmeidielingen

Henk Minkes

Jubileum fûgelwacht Trynwâlden: 40 jier op 10 april 2019!!

Op 10 april 1979 is de fûgelwacht Trynwâlden oprjochte. It is de gearwurking fan de eardere trije fûgelwachten yn de Trynwâlden. Dus op 10 april 2019 bestiet de wacht 40 jier!

Dêr wolle wij kommend jier ek feestlik by stilstean. Hoe't dat bart, witte we noch net.

As jimme as leden ideeën oer it fieren fan dit jubileum, dan soene wy dy graach fan jimme hearre!!

Bestjoersgearstalling:

Pyt van der Polder en Henk Minkes ha harren perioade der yn maart wer op sitten. Hja wolle beide wol fierder de kommende jierren. Dat wat ús oanbelanget is der no gjin reden om nije bestjoersleden te sykjen. Fansels kinne jimme tsjinkandidaten yntsjinje, sa't it yn de regleminten stiet.

Henk Dijkstra makket in minne tiid troch. Derom hâlde wij him noch in skoftke út de wyn.

We hoopje dat hij de kop wer gau opsteekt en winskje him betterskip

Noch te keap: Fûgelhokjes:

Op de ledegearkomste en bij Pyt van de Polder thús (Boskwei 13, Readtsjerk) binne wer nêstkastkes te keap fan if fabriikaat Pyt van de Polder. En € 7.50 foar in hokje is net djoer!!

As jimme de hokjes no ophelje dan kinne se dit jier faaks noch brûkt wurde. De opbringst fan de ferkeap komt te goede oan de wacht! (Ferline jier sa'n €250!)

Fûgelmeldingen:

Meldingen fan fûgels, planten en bisten yn en om de Trynwâlden kinne jimme trochjaan oan

Corrie Brandsma (h.brandsma15@chello.com)

Neisoarchgearkomste:

De jierlikse gearkomste mei neisoargers en boeren hat op 7 maart al west. We ha dat earder dien om't de neisoarch no fuortendaliks bij de 1^e aaien al begjint. Underwerpen wiene útlis fan de fernijde registraasje-app en Abel de Boer, jager yn ús omkriten, hat útlis jûn oer de predatoaren en de mooglikheden fan it bestriden fan predaasje troch de jacht.

Swellen:

Pyt van de Polder hat in stikje skreaun oer it tellen fan swellen yn en om de Trynwâlden. Sjoch dizze Fjildrop. Der kinne noch wol in pear tellers bij. Jou jimme op yn dit jier fan de wytgatswel, want dat is ek noch de fûgel fan it jier 2018, útroppen troch Vogelbescherming Nederland en SOVON. Dizze tellingen beslagge in koarte perioade en freegje net in protte tiid, mar it is wol moai wurk!!

Pyt nimt dan kontakt mei jimme op.

Webside:

De webside <http://www.fugelwacht-trynwalden.nl/> is al in skoft yn de loft.

Sjoch hjir sa út en troch ris op foar meidielingen en nije artikels.





Fjildrop



Financieel overzicht 2017/2018

Inkomsten			
Omschrijving	Begroting 2017	Rekening 2017	Begroting 2018
1. Saldo rekening courant	1.662,00	1.661,39	2.837,00
Saldo excursie rekening	266,00	266,34	266,00
2. Saldo spaarrekening	3.541,00	3.541,34	3.541,00
3. Contributies	2.600,00	2.758,75	2.650,00
4. Rente	5,00	0,76	0,50
5. Opbrengst verloting	300,00	392,00	350,00
6. Advertentie's ``Fjildrop``	450,00	450,25	450,00
7. Koekactie	400,00	636,00	600,00
8. Diversen	1.000,00	2.295,65	1.000,00
Totaal	10.224,00	12.002,48	11.694,50
Uitgaven			
Omschrijving	Begroting 2017	Rekening 2017	Begroting 2018
1. Secretariaat	300,00	95,88	150,00
2. Leden/Best. Vergadering	500,00	634,95	550,00
3. Nazorg/Nestkast/Ringact	300,00	631,80	500,00
4. Uitgave ``Fjildrop``	1.800,00	1.768,56	1.800,00
5. Afdracht B.F.V.W.	1.050,00	973,00	1.000,00
6. Kosten verloting	125,00	121,72	125,00
7. Attenties	100,00		50,00
Kosten Koekactie	200,00	225,40	200,00
8. Diversen	150,00	376,51	250,00
9. Kosten afd. Jeugd	500,00	530,16	500,00
Saldo rekening courant	1.659,00	2.836,82	2.763,50
Saldo excursie rekening	266,00	266,34	266,00
Saldo spaarrekening	3.540,00	3.541,34	3.540,00
Totaal	10.224,00	12.002,48	11.694,50



Technisch Bedrijf

Tjeerdsma b.v.

Elektrotechniek - Verwarming - Ventilatie - Gas - Water - Sanitair
Zinkwerk - Dakbedekking

Al 100 jaar

OENTSJERK - RENGERSWEG 10 - TELEFOON 058-2561264 - FAX 058-2562776



Toelichting financieel overzicht 2017/2018

Inkomsten:

Ad. 3 Meer ontvangen contributies dan begroot, een aantal leden hebben meer betaald dan de minimale contributie. Hartelijk dank daarvoor.

Ad. 4 De rente inkomsten is bijna te verwaarlozen we krijgen nog minder dan een half procent rente.

Ad. 5 De opbrengst verloting is hoger dan begroot, doordat er meer leden de vergaderingen bezoeken en hierdoor meer loten verkocht worden.

Ad. 6 De advertentie inkomsten zijn volgens begroting.

Ad. 7 De opbrengst koekactie is hoger dan begroot, we hebben nu meer koeken kunnen verkopen en de netto opbrengst is hoger geworden.

Alle verkopers die hebben meegewerkt voor de koekactie: namens het bestuur bedankt voor jullie medewerking.

Ad. 8 Opbrengst diversen is flink hoger dan begroot, we hebben over het jaar 2016 en 2017 vergoedingen ontvangen van BFVW beheer monitoring.

Tevens opbrengsten verkoop nestkasten door P. Van der Polder en de eerste opbrengsten van Enerzij Koop Trynwalden.

Uitgaven:

Ad. 1 De secretariaatskosten zijn lager dan begroot doordat er dit jaar geen acceptgirokaarten zijn ingekocht.

Ad. 2 De kosten van leden- en bestuursvergaderingen zijn hoger mede veroorzaakt, doordat er een factuur van het voorgaande jaar hierin verwerkt is.

Ad. 3 De kosten van nazorg- en ringactiviteiten zijn ook fors hoger dan begroot, Een aantal instanties hebben een vergoeding van de wacht ontvangen.

Ad. 4 De kosten van de Fjildrop zijn mooi binnen de begroting gebleven.

Ad. 5 De afdracht BFVW is lager dan begroot, omdat dit jaar geen nazorgpassen in rekening zijn gebracht.

Ad. 6 De kosten van de verloting zijn mooi binnen de begroting gebleven.

Ad. 7 Attenties dit jaar niet uitgegeven.

Ad. 8 De kosten diversen zijn iets hoger uitgevallen, dit zijn de bankkosten en kosten voor de website.

Ad. 9 De kosten zijn ook hoger dan begroot dit zijn de kosten voor het maken van vogelhokjes.

De kascommissie bestaat uit de heren J. Zijlstra en O. Banga.

Opgemaakt door de penningmeester Geert Dijkstra

**OLIJSMA
AUTO GIEKERK**

*De specialist op het gebied van verkoop,
onderhoud en schade van auto's*

DÉ VOLVO EN FIAT SPECIALIST!
Kijk op de website voor al onze nette en goed geprijsde occasions.

Auto verhuur • Vervangend vervoer • Moderne werkplaats
Kwaliteit & service • Showroom • Lease Service Center

AUTOOLIJSMA.NL Canterlandseweg 5, Giekerk
telefoon: 058 - 256 12 24



Fan de ekskurzjekommisje

Maaitidekskurzje 2018:

Op sneon 5 maaie 2018 is der in maaitidekskurzje nei de natuer yn it westen fan Fryslân. Reisdoelen binne:

- It Hegewierster Fjild bij Harns,
- As der tiid foar is de Iselmardyk yn de buert fan Makkum (hinget fan de tiid ôf)
- Greidefûgelhut fan Murk Nijdam in het natuergebiet Skrok en Skrins

Dit plak is ferneamd yn hiel Nederlân Fryslân. In plas-dras en jo sitte sawat op de (greide-) fûgels!. It is Jappie Seinstra slagge om in ôfspraak foar ús te meitsjen!.

Mei Murk Nijdam is it folgjende ôfsprutsen:

- ⇒ sneon 12 /5 middeis om 14.00 ûre.
- ⇒ it duorret 2 à 2.5 ûre.
- ⇒ kosten € 5,- p.p. (ynklusyf bakje kofje)
- ⇒ max. oantal dielnimmers 20 (en min. 5.)

Dus mei minder as 5 dielnimmers giet it net troch. Mar bij 20 dielnimmers stoppet de ynskriuwing.

Neist de € 5 oan kosten binne der fansels ek kosten foar it gebrûk fan auto's.

De totale ekskurzje komt op omtrint € 15 per dielnimmer.

Opjaan kin bij de ekskurzjekommisje Sjoch foar adresgegevens op it 2^e blêd fan de Fjildrop.



Bûtenlânekskurzje 2018 nei West-Havelland.

Dizze ekskurzje, fan 2 oant temei 7 oktober, is mei 24 minsken folboek!

Mear plak is der net yn de jeuchdherberge. De dielnimmers krije ynkoarten berjocht wannear't de ynformaasjejûn hjiroer is.

De "grote trap" is in fûgel dy't yn dit gebiet te sjen wêze kin. Mar ek fierder is dêr fan alles te sjen!



Groetnis,

De ekskurzjekommisje: Johannes Mosselaar, Marten van Dalen, Henk Minkes



Jeugd en edukaasje

Pyt van de Polder

Om it jier komme wy by de seis skoallen yn de Trynwâlden mei elke kear in oar ûnderwerp. Dit jier is it nêstkastke timmerjen en takom jier binne it wer de greidefûgels. It is faaks wol in hiel geregeld om de frijwilligers en de learkrêften mei harren klassen op tiid en dei yn te passen. No binne der al skoallen dy't útwike nei bûtenskoalske opfang en dan mei bern dy't foar is nêstkastke timmerjen kieze. Wy kinne dan sels de tiid bepale en binne dan net bûn oan in les-tiid fan trije kertier. Dat hat syn foardielen ek wol wer. It wichtichste is dat de kastkes foar ein febrewaris mar hingje. De miezen binne yn jannewaris al oerémis en gek yn de kop troch it waar-me waar.



blaumies

As ekstra projekt binne wy fan doel om yn de elzensingels fan de Trynwâlden nêstkastkes foar readsturtsjes op te hingjen. Dit is in projekt wat op oare plakken al in jier rint. It giet yn gearwurking mei de Noardlike Fryske Wâlden, de BFVW, skoalbern en de behearders fan de beamsingels. Der binne yn de Trynwâlden in pear behearders mei sokke beamsingels. De kastkes wurde folge en de resultaten geane nei Altenburg&Wijbenga yn Feanwâlden. Wy wolle de kastkes meitsje fan ôffal hout wat oars yn de konteners bedarret. Sa kriget it hout in twadde libben. Om oan de ferve foar de kastkes te kommen komt der in "Fervebank". Wa't thús in stealtsje ferve hat te stean en der neat mear mei kin soe dat dan by de fervebank ynleverje kinne. Bûtendoar beits mei ek. De kleur docht der net ta. Wy mjuksje de kleuren wol wat trochinoar en meitsje der ien geskikte kleur fan. As it mar op alkyd basis is (mei terpentine te fertinjen) en net op wetter basis (akryl) As jo wat foar ús hawwe kinne jo mei my (Pyt fan de Polder) kontakt opnimme.



readsturtsje



Fjildrop



www.dorenbosarchitekten.nl 058-2562003



AUTOGARAGE FENNEMA

**ALLE MERKEN - REPARATIE
APK - AIRCOSERVICE
ONDERHOUD LEASEAUTO - PECHHULP**

Dr. Kijlstraweg 14, 9063 JB Mûnein
(058) 256 14 08 • 06 - 21 84 04 66
info@autogaragefennema.nl



RDW



WWW.AUTOGARAGEFENNEMA.NL



Jan en Klaasje 70 jier yn de echt ferbûn



1948-2018

Woansdei 31 jannewaris fiere wy dat
ús heit en mem, pake en beppe

**Jan Faber
en
Klaasje Faber-Ferwerda**

70 jier lyn troud binne

Wolle jimme harren lokwinskje
dan kin dat fan 20.00 oere ôf yn
"De Trochreed", Boskein 27, 9067 DM te Readsjerk

Bern en pake- en beppesizzers lokwinskje harren
fan herte mei dizze bysûndere dei

Yn stee fan fûgelmeldingen te ûntfangen fan ús earelid Jan Faber wolle wy him en syn frou no de felisitaasjes oerbringe foar harren 70 jierrich houlik op 31 jannewaris jl. en Jan ek betankje foar de jierrenlange meldingen fan de Reade Hoas
Fansels hoopje wy noch wol sa no en dan meldingen te ûntfangen fan Jan.

Briedsoarch swellen

Pyt fan de Polder

Ferline jier hawwe wy it tellen fan de swellen wer oppakt. It hat goed foldien en dat wolle wy it kommend jier wer dwaan. Dat soe in pear jier efterinoar barre moatte, dan kinst ek jier op jier fergelykje. Mei sa'n tel aksje litte wy ús as wacht ek wer sjen by de minsken. Foar de kontakten is it goed en in protte swelle hâlders binne grutsk op harren swellen. Swellen kinne ek foar oerlêst soargje troch it skiten tsjin de gevel en de glêzen. Mar dêr is wat oan te dwaan, in plankje ûnder it nêst om de stront op te fangen.

It resultaat fan ferline jier wie net goed berekkene. Der wie gjin rekken hâlden mei ferlies fan jongen. Yn de regel giet 40 oan't 50 % ferlern troch predaasje, te min iten as oare ûngemakken. It is net foar neat dat de blauwe wikel (boomvalk) geregeld mei in jonge swel by de sânbulten fan Stienendaam weikomt om harren eigen jongen mei te fuorjen. Dêr sit in koloanje fan grûnswellen. Dit jier is it jier fan de wytgatswel (huiszwaluw) en dat is net út wielde, it giet net goed mei dizze swel om't der te min briedplakken binne. De wytgatswel hat geskikte gevels nedich en sleatsjes mei drek om nêsten mei te bouwen. En dat wurdt allegearre wat minder. Dus wat oandacht foar dit fûgeltsje is wol op syn plak. Mei it oanbringen fan keunstnêsten binne se al tige holpen.

Sjoch hjir foar ek op ús side ûnder **âld nijs** en dan **swellen**.

2018: Jaar van de Huiszwaluw

Vogelbescherming en Sovon kiezen ieder jaar voor een vogelsoort om speciale aandacht te geven. 2018 is uitgeroepen tot Jaar van de Huiszwaluw. Achteruitgang en gedeeltelijk herstel zijn nog met de nodige raadsels omgeven.



(foto: vogelbescherming)





op 't LANDGOED
STANIA STATE



**GENIET ALS IN
VERVLOGEN TIJDEN**

*Schuijf ook eens aan voor Koffie, Lunch,
Diner of kom Picknicken in het park!*

Bekijk alle mogelijkheden op www.staniastate.nl




**Brasserie
De Canterlanden**
LUNCHROOM • SNACKFRONT • PARTYSERVICE

patat en snacks • plateservice • croissanterie
lunchroom • ijs, milkshakes & diverse ijscoupes

maaltijden • diner • gezellig zitten • receptie
partyservice • verwarmd terras • live muziek

Canterlandseweg 8, Gytsjerk
Telefoon: (058) 256 11 44

foar iters en drinkers en sa mear...



**bakker
v/d BERG**

Gytsjerk
Haven 1 • (058) 256 25 88

Burgum
Tsjibbe Geartsstrjitte 2 (0511) 46 12 82 • Markt 63 (0511) 46 13 27

Veenwouden
Hoofdstraat 21 (0511) 47 23 58

Hurdegaryp
Fuormanderij 7 (0511) 47 23 65 • Stationsweg 1 (0511) 47 23 18

Leeuwarden
Lieuwenburg 87 (058) 267 26 77

*De Warme bakker
om dagelijks
van te smullen!*



**DE BOER
SERREBOUW**

**VERGROOT UW
WOONCOMFORT**

Bouw uw droomserre samen met De Boer Serrebouw

058 256 2332
Andringasingel 13, Denkerk www.deboerserrebouw.nl



Fjildrop



Ringresultaten

Pyt fan de Polder

Om jimme wat op de hichte te hâlden fan de resultaten fan it ringwurk wat we yn de Trynwâlden e.o. dogge haw ik it ûndersteande oersjoch makke. It is de bedoeling om dit yn elke Fjildrop te dwaan.

It is allinne ynformaasje wat fia myn brûkte ringen by my terjochte komt. It binne de gegevens fan ûlen en rôffûgels. Fan oare fûgels haw ik gjin fergunning om dit wurk te dwaan. Foar de kommende trije jier kin ik wer foarút mei myn fergunning. Mar der soe eins wol in opfolger yn byld komme moatte om it op termyn oer te nimmen. As der immen is dy't hjir niget oan hat, dan hear ik it wol.

ringresultaten 2017/2018							
soarte fûgel	ring datum	ring plak	meld datum	fynplak	libbens perioade	ôfleine ôfstân	Oar saak
						hemels breed	
reade wikel	10-6-2013 P. Das	Dronryp	20-7-2017	Singel Gytsjerk K. vd Kooi	4 jier, 1 mnd, 9 dg	15,0 km	ûnbekind
reade wikel	10-6-2015 P. v.d. Polder	Aldtsjerk	17-4-2016	Halligen Mûnein ?	10 mnd. 4 dg	2 km	verzwakt
reade wikel	6-6-2014 P. v. d. Polder	Ginnum	18-9-2017	Hallum J. Seinstra	3 jier, 3 mnd	8,5 km	lilbjend
goudûle	1-7-2017 P. v.d. Polder	Wâterswâld Trekwei	17-11-2017	De Tike F. Jelsma	4 mnd, 16 dg.	19 km	ferkear
mûze biter	10-6-2014	Hurdegaryp Ottemawei	11-11-2017	Hallum A. Fennema	3 jier, 4mnd	11,3 km	ferdronken
goudûle	13-7-2016 P. v.d. Polder	Gytsjerk Singel 7	21-1-2018	P.C. Bruin Bitgum	1 jier , 6mnd	12,9 km	verzwakt



© Jappie Seinstra



Voor uw:

- * groepsdiners * bruiloften
- * koude / warme buffetten * vergadering
- * buitenlandse buffetten * recepties
- * gourmetparty's * reunie

Zalen van 20 tot 200 personen.

Reserveringen op afspraak
Tel.: 058 256 11 48 b.g.g. 256 29 30
Fax: 058 256 36 99

"DE TROCHREED"

Fam. R. Jullens
Bosweg 27
9067 DM Roodkerk



**Terras / serre
aan het water**

Geschikt voor al uw: recepties, vergaderingen,
koud- en warmbuffet, barbecues, enz.
Bij ons wordt geen zaalhuur berekend.

Luxe broodjes , diverse plates en snacks (ook afhalen)

Verhuur van: tent (div. maten), biertap en statafels.

Ook voor catering.



Het gezelligste café
aan de elfstedenroute!

Tot ziens bij: Henk en Jannie Breeuwsma
v. Sminiaweg 107, 9064 KG Aldtsjerk
Tel. 058-256 33 00 - www.cafemoarkswal.nl



MASSAGEPRAKTIJK KEIMPE DE VRIES

Voor sportmassage, massage bij kanker,
ontspannings- en hotstone massage

Nieuwe Straatweg 34
9061 CP Gytsjerk
www.stijvespieren.com

058 256 34 19
06 12 95 92 00
keimpedevries@zonnet.nl

**DE LEKKERSTE KOEK
VINDT U BIJ DE
NEDERLANDSE
KOEKKAMPIOEN!**





Ulen en rôffûgels nijs *Pyt fan de Polder*

It is heal jannewaris as ik dit skriuw en de **mûzebiters** (buizerd) binne al wer mei harren territoarium oan it ynrichtsjen. Dat hâld yn it nêst opknappe en taeigene en harren gebied ôfbeakenje. Dat is faaks jier op jier it selde plak mar it kin wolris in oare beam wurde. Mar de striid mei de kraaien moat noch wol wûn wurde en dat mislearret ek wolris. Meastal meitsje se dan wol in nij nêst yn de buert wat faaks sa sterk net is as in brûkt nêst fan de kraai ynpikke. Dochs binne der wat minder mûzebiters as yn foargeande jierren.

Dat jild ek foar de **reade wikels** (torenvalk). Guon reade wikels hingje al wer wat by harren nêstkastke om. Dizze fûgel stiet sels op de reade list, net in goed teken.

Yn dizze winter hawwe wy wer de **hoarnûlen** teld op de rustplakken. Yn de Mûnein sieten 34 yn de bekende beam mei klimmerblêd oan de Kijstrawei. By Bartlehiem sieten 27 en yn Wiins 3. Yn Readtsjerk siet der 1 oan de Boskwei en oan de Kooiwei mooglik 2. Yn Gytsjerk moast earst in beam omwaaie om te witten hoefolle dêr wiene. It blik mar 4 te wêzen. Wy hawwe der ek wolris oer de tritich teld.

Sa sille der yn oare doarpen ek wol in pear sitte mar sûnder tips fan de bewenners is it dreech sykjen.

Wol bysûnder binne de 15 **fjildûlen** dy't sjoen binne op in rustplak. Wêr krekt hâlde wy ûnder de pet yn ferbân mei it ferbaljen.

De **wâldûlen** hâlde harre wat stil. Sa no en dan wurdt der is in mantsje as in wyfke heard. Yn augustus hie Kees de Vries fan Gytsjerk al in pearke roppen heard yn Stania State mar dêr is it ek meast stil. Ein novimber hawwe wy alle nêstkastkes fan dizze ûlen skjîn makke, der siet allinne rommel yn fan in do en de ka.

De **goudûlen** (kerkuil)binne fan de reade list ôf helle. It giet al wer foar in langere tiid goed. Mar sûnder ús oandacht kinne hja net en binne noch wol beskerme.


Op twa desimber hawwe wy noch 3 fan de 5 grutte jongen ringe by Jan fan der Meulen yn Bartlehiem. De nêstkast siet sa heech dat Robin fan der Ploeg moast der mei in heechwurker oan te pas komme. Wy hawwe doe de kast mei jongen en al nei ûnderen helle en op in leger bynt setten. Dat is allegearre goed betearde. En sa binne wy der eins in hiel jier mei dwaande om alles wat yn de gaten te hâlden en wêr't it nedich is yn te gripen. Mar it bliuwt moai wurk en wy komme noch ris earne.



Fjildûle. Lubbert Boersma




Fjildrop



KAFEE IT WAPEN FAN FRYSLAN



*Speciaal bierkafee
& itery*



Ook voor uw: vergadering, receptie, feestje

Jurjen & Maaïke Boonstra

Rengersweg 51, 9062 EC Oentsjerk • (058) 256 17 47 • jurjen@kafee.nl

www.kafee.nl

ADG



AUTOBEDRIJF

BAUKE DAMSTRA

Nieuwe Straatweg 44 - 9061 CP Gytsjerk - Tel. 058 -2562992











**kwaliteit
goede service
scherpe prijzen**





Mûzebiter op nêst. Gerrit Krottje

Tuinvogeltelling Vogelbescherming 2018 Resultaten Friesland

1		Huisemus	13.989	6		Turkse tortel	3.048
2		Koolmees	7.854	7		Kauw	2.313
3		Merel	4.950	8		Ringmus	2.067
4		Pimpelmees	4.659	9		Roodborst	1.925
5		Vink	3.391	10		Spreeuw	1.706



Fjildrop



Groene Vakwinkel Sikma

TUIN EN DIER

Tel. 058 - 256 12 79 / 058 - 256 12 13 Rinia van Nautaweg 4c Gielerk

voor
nieuwbouw
en
onderhoud

BOUWBEDRIJF
Kingma



Een NVOB initiatief

Rhaladijk 6
9064 DD Aldtsjerk
Telefoon :058-2561465
Fax :058-2561914

TJM **Timmerwerken**
Jan van der Meer

Veldweg 3, 9067 DG Roodkerk
Tel. 058-2563032 ■ Mobiel 06-43036432





Ryptsjerkster polder

Dêr krekt besuden de Trynwâlden,
tusken wiel en molkfabryk.
Dêr't men natoer wist te behâlden,
dêr't Protters wenje noch talryk.
Dêr leit fuort achter de âld petroan,
in paradys, in sompelân.
Ryptsjerkster polder faak ferneamd,
dêr 't eltse fjildman nachts oer dreamd.
De koai, de kolken, Koekoekspetten,
troch reid en beamkeguod omsletten.
Dêr't it wetterhin op aaien sit,
en de reidbolle him hearre lit.
Dyn polder mei de Gelte herne,
troch hoants en rinkelbel bewenne.
De iisbaan dêr om maaie hinne,
as djerrebommen ta bloei dan steane.
Trekfûgels ûnderweis fan noard nei súd,
wike nei diz polder út.
Steltridders op har hege poaten,
sjocht men hjir yn alle soarten.
Sewyt, grienskonk, poalske snip,
al skarreljend troch it polder slyk.
In pleisterplak fan europeesk belang,
mei guozzeflecht en swannesang.
Smjuntjen dêr yn grutte wolken,
al fluitsjend boppe wiel en kolken.
By't winterdei, grut is 't geniet,
as jong en âld op redens stiet.
Fûgelwachters kappe in bit,
dêr't ein en poep omhinne sit.
En hawwe wetter wyn en rein,
dan lang om let it iis ferslein.
Stiet dêr de maitiid foar de doar,
en heart men rûnom 't fûgelkoar.
Is elts wer dwaande mei syn nêst,
en kriget men wikenlang gjin rêst.
Markol en reidhin sjocht men strunen,
mei reid en popels by't nêst opklûnen.
Ek de hjerringslynders hawwe sjans,
en fiere op har 'pinguin-dans'.
Komt men yn juny wêr werom,
sjocht men 't ferskaat oan krûd en blom.
In giele tekken leit oer it lân,
de rinkelbel spant hjir de kroan.

Karekyt en reidmosk heart men sjongen,
de markols fuorje no har jongen.
Dan giet it op de boufak oan,
en reizgit elts nei't bûtelân.
Yn mersedes, citroën en kamperbus,
folget dêr in wiere exodus.
Foar in boufakker is soks in toer,
fan't fekânsjefjild is neat mear oer.
Gjin tropysk eilân of Ardennen,
draaid út op'e wiel en Gelte herne.
Yn syn boatsje, frou en fiskark mei,
farre se even by de stien en spesje wei.
En yn 'e lijte fan de Koekoekspetten,
bin alle soargen wer fergetten.
Dêr wat ferskûle yn it reid,
wurdt de grûn mei in tekken dan plafeid.
Dan wurdt har himd en broek útlutsen,
en rêch en bil yn 'e oalje strutsen.
Sa dreamd se fuort nei fiere lannen,
wylst hy slûmert mei it angeltsje yn ' hannen.
Sa is ús polder hiel it jier,
fan grut belang foar minsk en dier.
't Is dudlik dat sa'n habitat,
foar 't neiteam dêr bewarre moat.
Alles wat hjir fleant en krûpt,
en yn en út it wetter strûpt.
't Wurdt opskreaun, ynventarisear,
de Wielenwurkgroep rapportear.
't Argyt leit fol mei lange listen,
fan flinters, fûgels, planten, bisten.
Ryptsjerkster polder, aanst in wisse skeakel,
as ûnderdiel fan't moerasspektakel.
Dêr 't otters aanst de frijheid krije,
en patrizen langer net mear swije.
Dêr't de roggeblom wer stiet ta bloei,
yn 'e fierte heechlanner geloei.
It Fryske Gea, oan jim de ear,
en soargje foar in goed behear.
Hoedzje 't, en lit it nea fergean,
Ryptsjerkster polder bliuw bestean.

Jouke Vlieger, september 1993



Resultaten weidevogelbeheer skriezekrite It Reidfjild 2017

Johannes Wiegersma, Beheerregisseur weidevogels NFW / VALD

Het weidevogelbeheer in het NFW/VALD district is er op gericht om het biotoop van de weidevogels als foerageer- en broedgebied te verbeteren. Een belangrijke factor is het overleg met de veehouders om percelen weiland in te richten die de aantrekkelijkheid voor de weidevogels vergroten en die zijn er gelukkig volop.

Met name de percelen met kruidenrijk grasland en de vele percelen met kruidenrijke graslandranden, met een rustperiode tot 15 juni, dienen als broed- en beschermplaats voor de ouden met jonge kuikens. Een belangrijke broedplaats voor deze vogels zijn de vele percelen met uitgestelde maaidatum tot 1 juni, of in overleg één of twee weken later. Al deze percelen weiland omringen op veel plaatsen een plasdrasgebied, dat kan worden aangemerkt als de belangrijkste doelstelling van het biotoop voor alle soorten weidevogels. Vanaf 15 februari is het waterpeil op niveau en zodra de eerste weidevogels arriveren, dan leveren deze plaatsen vaak aanzienlijke grote aantallen vogels. Met name de grutto's profiteren hiervan, die na een lange vlucht vanuit het zuiden van Europa zijn binnengekomen. Dit zijn dan belangrijke foerageerplekken voor de verzwakte vogels om aan te sterken: het wemelt hier van allerlei soorten vogels en eenden. In en rond deze gebieden liggen de meeste concentraties broedende weidevogels. Na het broedproces verblijven hier tientallen ouden met hun jongen, omdat er volop voedsel en bescherming in het lange gras is te vinden.

De meeste plasdraspercelen zijn ingericht door een loonbedrijf, om het water op een vast peil te houden. Sinds 2 jaar zijn ze ook voorzien van een Solarpomp, waarbij de stroomvoorziening voor de pomp wordt verzorgd door zonnepanelen. De volledige inrichtingkosten worden door de provincie Fryslân vergoed.

Het volgende weidevogelbeheer is in de 5 deelgebieden van het VALD in Dantumadiel afgesloten met de veehouders:

De Terp: 114 hectare met 3 percelen plasdras

De Koai: 68 hectare met 4 percelen plasdras

It Reidfjild: 45 hectare met 2 percelen plasdras

It Bûtefjild: 95 hectare met 2 percelen plasdras

Claerkamp: 161 hectare met 3 percelen plasdras

De beleving die je in en rond deze percelen ziet en voelt is fenomenaal, zoals het 'vroeger' was. Ongekende aantallen alarmerende weidevogels met hun jongen hebben zich in deze gebieden verzameld. Niet in elk gebied is dit gelijk, maar de omstandigheden zijn aanwezig. Ver daarnaast is het stil: er zit bijna geen enkele weidevogel meer, op de maïslanden na.

Dit is een verdienste van de weidevogelminnende veehouders, die hun weilanden beschikbaar stellen voor deze vogels. En daarvoor is nog altijd ruimte in het weidevogelbeheer van het VALD.

De resultaten van de weidevogels in skriezekrite IT REIDFJILD in 2017

In het algemeen kan gesteld worden dat dit voorjaar een beter weidevogeljaar is geweest dan de voorgaande jaren. Vooral van de grutto en tureluur zijn veel jongen volgroeid. Met name in en rond de beide plasdrasgebieden zijn de resultaten bijzonder goed. De resultaten worden uitgedrukt in B.T.S. (Bruto Territoriaal Succes), waarbij het aantal alarmerende ouderparen met jongen, in de telling van rond 1 juni, in procenten worden uitgedrukt van het aantal broedende paren van deze soort. Deze aantallen zijn bijzonder goed, vooral ook doordat er minder predatie was dan in de voorgaande jaren. Dit is met name een direkt gevolg van de bestrijding van de zwarte kraai door de inzet van de WBE-er.

Vorig jaar is de verwaarlozing van de grote plasdras bij de molen de oorzaak geweest van de teruggang in deze krite van vooral de Kievit (-16) en grutto (-12). Door een sterke verruiging broedden hier toen in het geheel geen weidevogels. De afgelopen herfstperiode is deze plasdras volledig hersteld, met als gevolg dat de vogelstand dit voorjaar weer als vanouds op een vrij hoog peil was. Dit verbeterde de weidevogelstand weer in het algemeen (zie grafiek).




Fjildrop



Daarentegen is het SBB gebied, It Súderfjild, dit jaar niet goed onderhouden voor de weidevogels wegens verruiging en hoge begroeiing van de vegetatie. Het gevolg is hier duidelijk merkbaar in de weidevogelstand: die was hier bijna geheel verdwenen! En dat terwijl dit gebied enkele jaren geleden juist geheel opnieuw was ingericht met een plasdrasgebied voor de weidevogels (in 2015: 20 paar Kieviten en 7 paar grutto's).

In de onderstaande tabel en grafiek met trend staan de aantallen en het verloop van het aantal broedparen van de 1^e vier weidevogelsoorten over 9 jaar, vanaf 2009.



Kievit

Het aantal broedparen van de kievit is het afgelopen jaar weer beduidend toegenomen tot 67 paar. Deze toename komt voornamelijk door het aantal broedparen (25 paar) die dit jaar weer broedden op de landtongen van de grote plasdras (zie ook de bijgevoegde stippenkaart). Ook op het grote maïspaneel van Kloosterman broedden liefst 15 kieviten, waaronder een groot aantal late vervolglegels van de kieviten die hun jongen verloren hadden, vanwege een erg koude periode vlak na het uitkomen van de eieren.

Van deze 67 broedparen zijn bij de 1^e alarmtelling in de 3^e week van mei toch nog 37 broedparen met jongen geteld. Dit levert een BTS (Bruto Territoriaal Succes) van 59% en dat is, ondanks de voorjaarsperikelen, toch nog een behoorlijk goed resultaat.

Vanaf de beginsituatie in 2009 is de trend in de grafiek (d.i. de getrokken lijn) van het aantal broedparen in 2017 gestegen van een 35 tot zelfs 70 broedparen: een behoorlijke vooruitgang



Grutto

Bij de grutto is er weer een stijging van het aantal broedparen (36), op het niveau wat we de laatste jaren gewend waren in deze krite. Het broedsucces is zelfs overweldigend, namelijk een BTS van liefst 97% bij de 2^e alarmtelling(!) eind mei. Van enkele percelen weiland moest het maaien worden uitgesteld vanwege de grote aantallen grutto's met jongen. Het voedselaanbod voor de jongen was dit voorjaar ook vrij goed, want de meeste jongen waren vrij rap vliegvlug.

Een paartje grutto's is meestal vrij honkvast en komen meestal ieder jaar op het oude plek terug. Dat bleek ook bij een paar dat vorig voorjaar een nest met vijf eieren had gelegd op een kruidenrijk perceel grasland. Op nog geen 20 meter afstand lag er op dat zelfde perceel dit jaar weer een nest met vijf eieren: hetzelfde paar?!

Wat niet vaak voorkomt is dat een grutto op een perceel maïsland hun eieren legt. Nu dat perceel was ingezaaid met een grassoort, bleek dit wel aantrekkelijk voor een bijzonder gruttopaar, waarvan het mannetje was voorzien van 5 kleurringen (zie de bijgaande foto, door Jappie Seinstra genomen). Deze gruttoman is op 6 jarige leeftijd geringd op de rijstvelden in de Extremadure in Spanje, op 1 februari 2014. Daarna is deze nog eens 3 maal gespot, waaronder die aan de Reidfjildsdyk. Het broedsucces was slechts voor 2 eieren en de andere 2 eieren bleken onbevruucht.



Het aantal grutto's loopt jaarlijks in aantal terug. De beide voorlaatste jaren kunnen hierop van invloed zijn geweest, omdat het aantal volgroeide jongen toen beduidend minder was. Invloeden van buiten af kunnen deze aantallen behoorlijk verstoren, zoals over heel Fryslân het geval is. De BFWW spreekt ook nu van een goed weidevogel jaar, dus hopen we maar dat er de komende jaren weer vooruitgang kan worden geboekt.

In deze skriezekrite is door de stijging van het aantal broedparen dit jaar, de toename in de trend vanaf 2009 vrij fors over de periode van 9 jaar gerekend, namelijk van 15 in 2009 tot 40 broedparen in 2017(!).

Tureluur

De tureluur is in het algemeen vrij stabiel over die jaren, zo rond de 25 tot 30 broedparen. Deze broeden voornamelijk alleen in en rond de plasdras gebieden. Hun broedsucces (BTS) zit hier rond de 65% en dat merk je wel als je het gebied betreedt. Op veel plaatsen worden minder broedende paren geteld, dan er later in de plasdras gebieden voorkomen. Zoals dit voorjaar toen er rond 1 juni een BTS van liefst 138% werd geteld. Tijdens de broedperiode zijn deze vogels moeilijk traceerbaar, maar zodra de eieren zijn uitgekomen hebben zij een goed heenkomen in deze natte gebieden.

Scholekster

Overal in Fryslân neemt het aantal broedparen van de scholekster merkwaardigerwijs beduidend af. Zo ook in deze krite: van meer dan 30 broedparen in 2011 tot slechts 13 paar in 2017. Slechts enkelen zien kans om hun eieren uit te broeden, voornamelijk beïnvloed door predatie en dat levert slechts een kleine bijdrage in de vooruitgang van deze vogel.



Overzicht van het Bruto Territoriaal Succes (alarmtellingen) in het It Reidfjild vanaf 2013, in percentages van het aantal getelde broedparen.

Als norm geldt een goed broedsucces jaarlijks van 65%.

2013 2014 2015 2016 2017 Resultaat

Kievit 37 34 39 38 59% te laag
Grutto 77 62 70 3 97% goed
Tureluur 83 66 50 67 138% goed
Scholekster 24 64 6 23 31% veel te laag

Zoals uit bovenstaande tabel blijkt, is er jaarlijks een behoorlijke variatie in het aantal getelde broedparen met jongen. De getelde alarmerende broedvogels zijn bij de kievit en scholekster veel te laag ten opzichte van de 65% norm. Daarentegen scoren de grutto en tureluur goed tot vrij goed.

Stippenkaart

Hieronder is de stippenkaart van het gehele beheergebied van It Reidfjild bijgevoegd. Hierop staan alle gevonden nesten (ronde stip) en getelde broedparen (vierkant blokje) van de 1^e vier soorten vermeld. Heel duidelijk is de concentratie van deze weidevogels in en rond de plasdras-percelen te zien.

Ik wil hierbij een ieder die in het gebied van It Reidfjild heeft meegewerkt aan het weidevogelbeheer in het afgelopen voorjaar, bijzonder hartelijk bedanken voor de fijne samenwerking en ik hoop dit de komende jaren op dezelfde wijze met u allen te kunnen voortzetten....!





Bijzondere waarnemingen en foto's

Corrie Brandsma

- ◇ Op 9 jannewaris seach Johan Hellinga 30 wite reagers (grote zilverreiger) yn de Wiinzerpolder. In teken dat der in protte mûzen binne.
- ◇ In grut part fan jannewaris brûke der sa'n 40 putters oan de Douweleane in hulzebeam as sliepplak. Melding Johan Hellinga.
- ◇ Begjin jannewaris binne der 15 fjildûlen sjoen op in roestplak yn Tytsjerksteradiel.
- ◇ Midden desimber stie der by Wyns in lytse wite reager (kleine zilverreiger) tusken de skiep. Melding Johan Hellinga.
- ◇ Snein 28 jannewaris seach Johan Hellinga in see-earn boppe It Ottemareserfaat.

Fûgelnijs Binnemiede en omjouwing (2017-2018)

Jouke Vlieger

- ◇ 10-12-2017: Stienmurd (steenmarter), 1 eks by foertafel/fûgelhûske fam J Oostenbrug by It Set. Troch in laachje snie wienen de spoaren op it hiem moai te folgjen.
- ◇ See-earn (zeearend): Yn polder de Warren geregeld see-earnen oanwêzich.
12-12-2017: Twa folwoeksen en ien jong eksim plaar.
Op 13 desimber grypt ien fan de earnen in markol út in tochtsleat.



3 see-earnen op'e hikke yn de Warren

- ◇ 09-01-2018: Kloek swan, (wilde zwaan), 12 eks yn de Warren.
- ◇ 09-01-2018: Lytse swan (kleine zwaan), 19 eks yn de Warren.
- ◇ 09-01-2018: Fjildlyster (kramsvogel), 140 eks yn de Binnemiede yn selskip fan protters.
- ◇ 09-01-2018: Ljip (kievit), 500 eks Binnemiede polder, yn selskip fan wilsters (goudplevier), 120 eks.
- ◇ 09-01-2018: Foks, 1 eks oerstekkend oer it iis fan polder de Warren.
- ◇ 23-01-2018: Lytse seachbek (nonnetje), 4 eks, 2 ♂♂ en 2 ♀♀ polder de Warren. →
- ◇ 24-01-2018: Pylksturt (pijlstaart), 20 eks polder de Warren.
- ◇ 25-01-2018: Syske (sijs), 30 eks yn elzen Kobbeoai Rytsjerkster polder.



lytse seachbek ♂



Fjildrop



Jappie Seinstra fûgelmeldingen

De lêste wiken binne der hiele grutte groepen fan soms wol in pear hûndert stienbarmkes te sjen yn de Wâlden.

Hja binne foaral te finen yn elzebeammen wêr't hja it it sied út de âlde elzepropen pikke. Ek sitte hja wol op de grûn as der nei hurde wyn in protte propen út de beammen waaid binne. Yn de groepen sitte ek sa no en dan wol putterkes en syskes, dy't itselde gedrach fertoane.

Op 17-02-18 seach ik de earste tsjiftsjaf by de útkykheuvel oan de Westerdyk by Ryptsjerk

putter 20171228 Earnewâld



sijs 20180107

grote barmsijs 20171228 Earnewâld



tjiftsjaf 20180217 Ryptsjerk



CES – Project 2017

In 2017 hebben de leden van Vogelringgroep Bergumermeer ook weer vogels gevangen en geringd voor het Constant Effort Site (CES) project. De speerpunten van dit door het Vogeltrekstation gecoördineerde project zijn: 1) monitoring van aantallen, 2) reproductie en 3) overleving. Door tijdens het broedseizoen 12 maal op gelijke wijze netten te plaatsen en de gevangen vogels te onderzoeken worden de benodigde gegevens verzameld.

Diverse Fûgelwachten en vrijwilligers dragen ons een warm hart toe. Geweldig bedankt voor de steun die we ontvangen. Graag hopen we in de toekomst weer een beroep op u te mogen doen. Speciale dank gaat uit naar de eigenaren van onze vanglocatie Engie S.A. CES 2017



CES 2017	Nieuw geringde vogels	Terug gevangen vogels	Totaal gevangen vogels		Nieuw geringde vogels	Terug gevangen vogels	Totaal gevangen vogels
Baardman	7	1	8	Merel	3	2	5
Blauwborst	13	7	20	Pimpelmees	27	9	36
Boomklever	1		1	Rietgors	22	11	33
Bosrietzanger	9	1	10	Rietzanger	22	4	26
Braamsluiper	1		1	Roodborst	3		3
Fitis	23	24	47	Snor	5		5
Gaai	2		2	Sprinkhaanzanger	3		3
Goudvink	4	5	9	Tjiftjaf	13	1	14
Grasmus	6	1	7	Tuinfluiters	6		6
Grote bonte specht	1	1	2	Vink	1		1
Heggenmus	1		1	Winterkoning	4	3	7
IJsvogel	2		2	Witsterblauwborst	7	6	13
Kleine karekiet	79	31	110	Zanglijster		2	2
Koolmees	37	4	41	Zwartkop	17	1	18
Matkop	1		1	Totaal	320	114	434



CES Top 10 (alle jaren)

	Soort	Aantal	%
1	Kleine Karekiet	2845	31%
2	Fitis	942	10%
3	Rietgors	790	9%
4	Pimpelmees	677	7%
5	Koolmees	607	7%
6	(Witster) Blauwborst	520	6%
7	Rietzanger	499	5%
8	Tjiftjaf	323	4%
9	Tuinfluiter	280	3%
10	Grasmus	256	3%



Rietgors

Terugmeldingen:

Fitis

Geringd: 31-7-2016 Meux, België. Terugmelding: 3-6-2017 Burgum. Afstand 307 km, 307 dagen

Zwartkop

Geringd: 3-6-2016 Broeksterwâld. Terugmelding: 13-5-2017 Burgum. Afstand 8 km, 344 dagen

Kleine karekiet

Geringd: 14-7-2012 Burgum. Terugmelding: 6-5-2017 Burgum. Afstand 0 km, 1756 dagen



**Notenpasta's
noten en
zuidvruchten**

**Kloosterman
Reform- en
Natuurvoeding**

**R. v. Nautaweg 35, Gytsjerk
058 - 256 12 82**

**Hellinga
transportbedrijf**



- kippertransport
- semi-dieplader
- caravantransporten
- handel- en grondwerken

**Rinia van Nautaweg 81, 9061 AD Gytsjerk
Tel. 058-2561402
info@hellingatransport.nl
www.hellingatransport.nl**


ProVOET

Landelijke Organisatie voor de
Voetverzorging / Pedicure

**PEDICURE
L. Spoelstra**

Praktijk in Skewiel te Oenkerk

*Aantekening:
Diabetische Voet*

Tel.nr. 058 2561302 - 06 47669159

K.v.K. nr. 01096762



**UW ZELFSLACHTENDE
SLAGER**

**UW VLEES EN
BARBECUE
SPECIALIST**

Alles tevens on-line te bestellen!!

**Canterlandseweg 12 Gytsjerk
Tel.058-2561362
slagerijrijpma@planet.nl
www.slagerijrijpma.nl**



Ons drukwerk werkt in uw voordeel

Uw drukwerk moet er verzorgd en professioneel uitzien, want het bepaalt in belangrijke mate hoe uw bedrijf, instelling of organisatie naar buiten toe overkomt. Of het nu gaat om visitekaartjes, briefpapier, enveloppen, mappen, brochures, speciaal promotiemateriaal, boeken of een van A tot Z verzorgde mailing... Het is bij ons in goede handen. Ook uw familiedrukwerk verzorgen wij tot in de puntjes.



Rekladruk, Gytsjerk

Koartedyk 3, 9061 AK Gytsjerk

Telefoon (058) 256 28 77

E-mail: info@rekladruk.nl

www.rekladruk.nl

Mienskips ENERGIE



Slút my mar oan!

